

Teake Oppewal

## Ynspiraasje en ynhâld – Hidde Boersma

Op 5 novimber 2011 waard yn Riis yn Hotel Gaasterlân in Skriuwersbounwykein hâlden. Seis skriuwers wiene útnoege om wat oer harren skriuwerij te sizzen mei as tema 'Ynhâld en ynspiraasje'. Trije – Greet Andringa, Hein Jaap Hilarides en Margryt Poortstra - hawwe wat se dêr sein ha sels op skrift steld. Fan wat de oare trije – Hidde Boersma, Koos Tiemersma en Akky van der Veer - nei foaren brocht ha (en de neipetearen) is troch Teake Oppewal fan Tresoar in ferslach opmakke. Alle seis stikken binne foar pleatsing op dizze ôflevering fan Ensafh beskikber steld. De lêzers fan Ensafh krije sa de gelegenheid om ek by de auteurs yn 'e keuken te sjen. Moai. Hjir de bydrage van Hidde Boersma. Klik foar de oare bydragen troch nei: Greet Andringa, Hein Jaap Hilarides, Margryt Poortstra, Koos Tiemersma en Akky van der Veer.

Om te begjinnen lit Boersma syn trije boeken sjen: *De rop om Doede*, dichtbondel; *Fol túch de mist yn*, ferhalebondel, en *De gewoanste man*, roman, krekt nij.

'Ik skriuw omdat it libben bespotlik is en keihurd. Wy meie fan gelok sprekke dat it soms moai waar is. Skriuwe is foar my fan libbensbelang. As ik yn 'e put sit skuor ik mysels der wer út mei it besef: Ik Kin Skriuwe!'

Hy skriuwt oer minsken oan de râne. Trije dingen binne belangryk: styl, humor en fisj. De fisj wol er ymplisyt bliuwe litte, styl en humor binne de boustiennen fan de fisj. Yn syn styl wol er net wiidweidich wurde, en in goede timing fan wat er sizze wol fynt er fan belang. 'Myn ynspiraasje helje ik út wat ik sjoch en meimeitsje en it effekt dat ik ha wol op de lêzer. Ik hâld fan boeken dêr't ik lûd om laitsje kin. It makket my eufoarysk, it rekket my djip. Troch lêzen moat ik de doar út wolle, wizer, gekker en in bytsje fleuriger. Myn personaazjes binne eigensinnige minsken, dy't har eigen gong geane en ûnbefangen libje yn de bûtewrâld. Sa wol ik it sels ek: je moatte net mear nedich ha as jin oerjaan oan jins eigen bestean. Dêr giet myn nije roman oer.'

### Neipetear

>Wat bedoeslt mei: nei bûten gean?

>>Ik bin tefreden as minsken troch myn boek nei bûten geane. Ik fyn it al prachtich as se nei ien side sizze: Watte!? Ik moat nei bûten! Ik bedoel ek: wês echt dysels, en stean der iepen foar as ien oars himsels is. En fierder moatte de lêzers sels mar útsykje wat ik bedoel mei nei bûten gean.

>Hat er foarbyldskriuwers, -boeken?

>>Doe't ik jong wie [seal laket], wie ik wei fan Herman Hesse, fan syn *Narziss und Goldmund*. Fan ús heit *It libben sels*: dat stiet kwa styl ticht by my, it hat humor en is net wiidweidich. Favoryt skriuwer op dit stuit is Tip Marugg fan Kurasao. Dy wit my echt te reitsjen.

>Fielsto dy in frije Fries?

>>Ja

>Anargist?

>> Ja, dat wol sizze, ik wol dat oaren frij binne en iksels ek. Mar dy fisj draach ik net eksplisyt út. Ik skep in sfear, ik wol net meidiele mar útbyldzje.

>Hoe krijst publyk? Wurdt dyn wurk lêzen?

>> Ik lies in stikje yn it tydskrift *Heit & Mem*, dêr wie in frou dy't fertelde dat se har man in stik fan my foarlies en dat se dan tige laitsje moasten. Dat fyn ik no moai! Fjirtjin dagen lyn wie de presintaasje fan myn nij boek yn Wiuwert, dêr binne fjirtich eksimplaren ferkocht.

>Sjochsto dysels as personaazje yn dyn boeken?

>>Yn *De gewoanste man* komt in útstjoerkrêft foar dy't fan my hat. Dat is de ferteller. Yn *Fol túch de mist yn* bin ik mear taskôger.

>Wat foar humor bedoelst, ast it oer humor hast?

>>Typysk Fryske droege humor – dat sei dy frou ek dy't it oan har man foarlies. Kroechhumor lykas fan Van der Velde hat in ferhaal nedich. Oare humor giet koart om 'e hoeke. Dat fyn ik moai. Ik nim de lêzer mei yn syn waarnimmen. Ik wit wol wêr't ik hinnegean. Us maatskippij is te nuet om echt in goed boek oer maatskiplike problematyk te skriuwen. [Kommintaar fan Boersma by neilêzen: Ik ha wol soksawat sein, mar kaam der net alhiel út. As je goed sjogge is ús maatskippij hielendal net nuet. We binne der yn Nederlân hiel goed yn lju der tusken út te knarsen. Ik bedoel eins dat wy frijwat oerflakkich mei inoar en de ellinde om ús hinne om (lykje te) gean. Ik mis somtiden in soarte fan trochlibbenens, echt 'mededogen'. Ik wrakselje by myn skriuwen mei it dekor dêr't ik yn libje, om dat sa ierdske mooglik del te setten. It liket faak sa flechtich en min trochlibbe. De finger ûnder de westerske maatskippij te krijen is myn ultym doel.] Ik ha it earst eksimplaar fan myn boek oan in Fryske dakleaze yn Utert jûn. Hy is al healwei it boek en hy koe it wol wurdearje, mar hy fûn wol in soad wurden dêr't er in Fryskere fariant foar witten hie.